

---

*Jim binne sadwaande net mear fierwei earst. It hat lykwols ek wat foar, dat boargers by gemeentebestjoeren trúnje om har eigentalige nammen en dat jim net altyd en ivich foarop hoege te rinnen, mar fan gewoane minsken oanpoend wurde.*

*Suver oan de oare kant fan de wrâld - alhiel op 'e Lemmer - miende it riedslid Visser, dat lânseigen nammen it toerisme wolris te'n goede komme koene. Bakker Meinsma prakkesearre der yn de Balkster riedskommisje lyksa oer. En op it Fean wie in wethâlder fan itselde betinken. Gjûn sprake fan 'taal fan God ús jûn' (Fedde Schurer), fan 'lykweardigens en lykberjochting' (Fan geunst nei rjocht), fan 'folksrjocht op eigen sprake' (it Lemster riedslid J. de Vries), gjûn sprake fan prinsipes, mar ienfâldich fan 'stryk yn 't laad' (yn Snits 4,3 miljoen euro yn dy iene Snitswike). It is my allegearre om it even, as de brêgen-en-sa mar eigentalige nammen krije.*

*Ik besef wol, dat Fryske, Stellingwarver en Biltske nammen fan brêgen en dûkers, akwa- en fiadukten net it measte bydrage ta taalemansipaasje, mar helpe net alle bytsjes? Ik stean der by jim op oan om provinsjale brêgen-en-sa om te neamen safier't se Hollânske nammen hawwe, en te beneamen safier't se gjûn offisjele nammen hawwe, en der by te rekkenjen mei de nammen dy't it folk hiem en eigen binne. Nammen dy't allinnich mar yn 'e boekhâlding foarkomme hat nimmen wat oan. Eigen en frijend moatte dy lêze kinne: buordsjes dus. Se sille net fergees wêze, mar jim hoege ek net yn ien en itselde jier te beteljen.*

*Mannich b. en w.-kolleezje sil fan 'nee' sizze as jim net fierder komme as it 'lit mar gewurde' en 'it moat mar moai bliuwe sa't it is', en sa. Jim binne de earstferantwurdliken foar ús sprake.*

*Mei de wenstige Bitgummoolster achtinge.*

SKRIUWERS FREGE! Graach wolle wy 'Lyts Frisia' yn stân hâlde, mar wy binne wol ôfhinklik fan ynstjoerde kopij. Dêrom binne wy op syk nei minsken dy't op frijwillige basis ris in stikje foar 'Lyts Frisia' skriuwe wolle. Wy tinke dan oan bydragen op 't mêd fan taalkunde, literatuer, skiednis of Fryske striid. Kopij kin stjoerd wurde nei de redaksje op it adres: Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. It telefoannûmer is: 0511-463869. 'Lyts Frisia' ferskynt fjouwer kear jiers. Foar it twadde nûmer moat de kopij binnen wêze foar 15 april, foar it tredde foar 15

july en foar it hjerstnûmer foar 15 septimber.

LIDMAATSKIPS- EN LESJILD. In fersyk oan alle lêzers en leden: meitsje it lêsen- en lidmaatskipsjild foar 2004 oer op giro 1069535 op namme fan: Skathâlder Jongfryske Mienskip, Tj. H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. Lidmaatskip JFM ynklusyf 'Lyts Frisia': 7,50 euro en lêsjild 'Lyts Frisia': 5 euro jiers. Fan in pear lêzers en leden hawwe wy de bydrage oer 2003 ek noch net krigen. Miskien kin dat yn ien kear mei de bydrage oer 2004.



# Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

---

JIERGONG LIII nûmer 1

maart 2004

ISSN 0166-6029

---

## MOAI FRYSLAN

*Fryslân wol ik besjonge,  
it lân fan stilte en pracht,  
dêr't de natoer him wûndermoai  
sjen lit by dei en nacht.*

*It lân fan bosk en marren,  
fan fûgels, blommen, strân,  
mei de moaiste fiergesichten,  
bûntkleurich fee yn 't lân.*

*En moat men ôfskied nimme,  
dan is 't it hert dat sprekt:  
Ik kom werom, moai Fryslân,  
ferjitte kin ik dy net.*

*Gepke de Vries (1931)*

*(Ut: 'As de kouwen iepen gean', 2003)*

---

Samplers: Jan Jongsma, Anneke Jousma en Bertus Postma. Opmaak en technyske fer-  
soarging: Piter Dykstra. Redaksje-adres: Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM. Lid-  
maatskip Jongfryske Mienskip ynkl. LYTS FRISIA: EUR 7,50. Lêsjild LYTS FRISIA: EUR  
5,00. <http://www.lytsfrisia.cjb.net> Giro 1069535 op namme fan skathâl-  
der JFM, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM.

---

B.J. Postma:

IN NIJE EN FRIJWAT FOARNAMERE SNITSER RIDDER

*Wol gauris gean ik nei in nijjiersre-sepsje fan Nijpels-en-dy ta. In jier as wat lyn trof ik de Ljouwerter wethâldster frou De Haan en de Snitser boargemaster Hartkamp dêr. Fuort naaide de lêstneamde út doe't er my oankommen seach, sa hurd as mallejan. Deselde Hartkamp, oars al jierren yn ús lân, hat ús nea net oars as oarsoartige Hollanners sjen wollen en nea hat er in b.. op 'e lânstaal sette wollen. Yntegrearjen en ynboargerjen wiene neat foar him.*

*Ien fan syn lêste kluchten gie de wetternammen oan - dêr't de rie wol oan woe, mar hy/syn kolleezje net: de nam-*

*mekommisje moast der mar oer gear. Om't de Akademy de bettere nammen al op papier skreaun hie, hie it net hoegd, mar hy/syn b. en w. die it al. De kommisje komt ornaris in pear kear yn 't jier byinoar, dat sadwaande koe Hartkamp tefoaren komme, dat de rie ûnder syn foarsitterskip mei 'Houkesleat' en 'Geau' akkoartsje soe.*

*Mr. S.J. Hartkamp is ferline jier novimber as boargemaster fan Snits ôfgien. Drs. A.A.M. Brok is op 1 desimber foar him yn it plak kommen. Sûnt dy wiksel kinne de Snitser Friez(inn)en wer sykhelje.*

---

J.J.:

ALLINNE FROULJU YN 45-STE BURGUMER IEPENLOFTSPUL

Yn it iepenloftteater efter 'De Pleats' yn Burgum wurdt fan 'e simmer foar de 45-ste kear in iepenloftspul brocht. Nei Jorwert hat it wâlddoarp de langste Fryske iepenloftspultradysje. Spile wurdt it stik 'De Gidsen' fan de yn Amsterdam wenjende Edward Montie. Tryntsje van der Zee makke de Fryske oersetting en bewurking.

It bysûndere fan 'De Gidsen' is, dat der allinne frouljusrollen yn sitte. Yn 1995 en 1996 luts de Hollânske foarstelling mei muzyk fan Hetty Heyting yn hiel Nederlân folle sealen. Yn de Burgumer iepenloftspulbewurking sil muzyk ek in rol spylje. Sintraal yn it stik stiet in kamp fan 17 froulike paadfiners yn Frankryk.

Al jierren hat Anny Veenstra, eartiids aktrise by 'Tryater', de rezjy fan de Burgumer iepenloftspullen. Ek by 'De Gidsen' is dat wer it gefal. De premiêre is op freed 26 juny. Dêrnei binne der noch fjouwer foarstellings op 26 en 30 juny en 2 en 3 july.

---

RIED FAN DE FRYSKE BEWEGING YN NIJ UNDERKOMMEN

De ôfrûne tsien jier hie de Ried fan de Fryske Beweging in kantoar yn de hieltiten mear fersuterjende Ype Brouwersteech. Sûnt desimber hat de Ried in nij ûnderkommen en wol yn it sammelkantoar oan it Keetwâltsje. Der is in hierkontrakt foar 5 jier sletten. It Keetwâltsje is in sydstrjitsje van it Fliet, fuortby de miny-rotunde fan de Bleekleane mei it Fliet. It folsleine adres is: Ried fan de Fryske Beweging, Keetwâltsje 1, 8921 EV Ljouwert (Tel. 058-2138913).

Bitgummole, 2 jannewaris 2004

Heechachtbere Kommissaris, tige achtbere Deputearren,

1. *Sûnt de nijjiersmoarn fan 1997 is Fryslân wer 'Fryslân' - útsein yn de Ljouwerter krante.*
2. *Guon gemeenten hawwe har eigen nammen weromkrigen, Tytsjerksteradiel is wer 'Tytsjerksteradiel'.*
3. *Doarpen binne de skamte foar har eigen nammen foarby, Ginnum is wer 'Ginnum' wurden.*
4. *Nije strjitten krije ornaris eigentalige nammen, ús Bosklân hat nea net fan 'Boschland' hjitten.*
5. *Sûnder ferwar fan Hollânsksinnige kant hat it nije wetterskip de besteande namme 'Wetterskip Fryslân' holden.*
6. *Efternammen meie oan de lânsprake oanpast wurde, lykas (Welmoed) Veersma no (Welmoed) Fearsma wurden is en Ploeg en Versteeg har 'Ploech' en 'Ferstege' skriuwe meie.*
7. *"Ook 'nieuwe vogels' krijgen Friese naam." (Deiblêd 18-12-2003)*

*Brêgenammen-en-sa soene skoan yn it boppeneamde rychje passe. Der is fansels ek al begjin mei makke. By Deinum rydt it spoar oer de 'Twilling', yn Frjentsjer leit de 'Frisiabrêge' en op 'e S10 by Bitgummole rydt Albert Heijn oer 'Osinga's dûker' nei St. Anne ta. Der is lykwols gjin sprake fan in algemiene ûnthollânsking fan jim provinsjale brêgen en dûkers, akwa- en fiadukten.*

*Op 20 septimber fan foarferline jier fernaam S. de Jong yn rie of kommisje yn Damwâld nei de offisjele fêststelling fan Fryske brêgenammen. It kolleezje woe de brêgen mar as strjitten behannelje: besteande strjitten hâlde har frjemdtalige nammen, nije krije eigentalige. Wêrom't b. en w. dat sa woene, seine se der net by. En de rie? Foar de gearkomste fan 24 juny fan ferline jier skreau it kolleezje oan de rie: "Uw raad heeft al verschillende keren aangegeven, een actievere houding van de gemeente ten aanzien van het Fries wenselijk te vinden." It wiist dus net sa hiele min. Gemeentewurken hiene noch in list fan alle brêgen, dat se soene samar los kinne.*

*Yn de Lemster riedskommisje kaam ferline hjerst in skriuwen fan de Lemster J. Cramer te praat. Dat brief, oer brêgenammen, foel der wakker yn. It âldste riedslid yn ús lân, J. de Vries, wiisde noch op de Follegeaster brêge, dy't yn Cramer syn skriuwen miste. De nammen komme meikoarten yn in kommisjegearkomste op it aljemint.*

---

J. J.:

MAR LEAFST SAN BOEKEN FOAR BERNEBOEKESJUERY

*Myn legere skoallejierren foelen yn in tiid dat der jiers ien of twa sober útfierde berneboeken ferskynden. 'Us Frysk Berneboek' brocht ien yn it jier út en in inkelde kear weage in útjouwer him nochris oan in útjefte. De tiden binne feroare yn it foardiel fan it Fryske berneboek en foar jonge lêzers komt no alle jierren in hiele rige faak prachtich útfierde útjeften út, fan printeboeken yn ko-produksje en oersettings oant oarspronklik wurk.*


De bern fan de boppebou fan de basisskoallen kinne de kommende moannen wer goed oan 'e slach as Fryske Berneboekesjuery. It is in inisjatyf fan de Afûk, Bibleteekservice Fryslân, Tresoar (it eardere FLMD) en de stichting It Fryske Boek.

De bern kinne dit jier har favorite boek kieze út mar leafst sân titels. Dat binne: 'By beppe yn 't bedstee' fan Auck Peanstra, 'Nacht op it eilân' en 'De ûnmooglike reis fan de Santa Maria' fan Jan Schotanus, '100 dingen en 1 pappegaai' fan Akky van der Veer en Berber van der Geest, 'Spikergek' en 'De tsien fan Nynke fan Hichtum' fan Anny de Jong en 'Homme en it geheim fan pake' fan Sietse de Vries.

De jonge lêzers hawwe oant 1 juny de tiid om it neffens harren bêste boek te kiezen. Foar de simmerfakânsje kin de priis dan noch oan de skriuwer of skriuwster fan it meast populêre boek útrikt wurde.

**WURK FAN DOUWE KALMA YN NIJE STAVERING**

By 'Utjouwerij Bornmeer' stiet twa kear wurk fan Douwe Kalma (1896-1953) yn de hjoeddeiske stavering op priemmen. Yn de Shakespeare/Douwe Kalma-rige ferskynt de twadde útjefte: 'Trije komeedzjes'. Ferline jier kaam it earste diel út: 'Kening Lear'. Underweis is ek in útjefte fan de troch Douwe Kalma oersette sonnetten fan Shakespeare. Eric Hoekstra naam foar beide útjeften de omstavering op 'e noed.



J. J.:


**IEPENLOFTSPUL YN KETLYK/MILDAAM**

Yn de bosken tusken Ketlyk en Mildaam wurdt yn juny in iepenloftspul opfierd. Dat bart by gelegenheid fan it 100-jierrich bestean fan Pleatslik Belang Mildaam en it 75-jierrich bestean fan Pleatslik Belang Ketlyk.

It stik dat spile wurdt is 'Dagen fan striid', dat basearre is op it histoaryske ferhaal 'Herman de Streuper' fan Goaitsen Burgy (1886-1944) fan Terwispel. Hy is benammen bekend wurden troch syn roman 'Biritsen fjûr' (1943). Burgy hat it yn 1938 ferskynde 'Herman de Streuper' sels alris omwurke ta in iepenloftspul, dat yn it begjin fan de fyftiger jierren op It Hearrenfean opfierd is. It ferhaal spilet yn it rampjier 1672.

It oarspronklike stik fan Burgy is opnij skreaun, bewurke en modernisearre troch Evert en Yme de Jong. Sy nimme ek de rezjy op 'e noed. It iepenloftspul wurdt trije kear opfierd op in smout plakje tusken Ketlyk en Mildaam op 23, 24 en 25 juny.


☆ Utjouwerij 'Bornmeer' hat yn febrewaris twa bondels fan debutearjende dichters útbrocht. Yn it foarste plak is dat *'Hertbyt'* fan Elmar Kuiper fan Húns. Hy giet yn de fuotleasten fan syn mem, want Elmar is in soan fan Akky van der Veer en Henk Kuiper. De twadde bondel is *'Nachtswimmers'* fan Arjan Hut fan Ljouwert.



☆ Ek krekt ferskynd is de debútbondel fan de yn Ousterhaule berne en no yn Frankryk wenjende dichter Foppe Venema (1961). De titel fan de bondel is *'In slach om 'e pleats'*. It is in útjefte fan útjouwerij 'Frysk en Frij'.

☆ Yn april ferskynt by 'Utgouwerij Bornmeer' in troch Akky van der Veer skreaune biografy fan Bonifatius. It is it twadde diel yn de Vita-rige, in searje biografyen foar jonge lêzers. Earder ferskynde *'De tsien fan Nynke fan Hichtum'* fan Anny de Jong. De biografy oer Bonifatius bestiet út trije parten: in romantisearre libbensferhaal, in histoarysk oersjoch fan it libben fan Bonifatius en in foto-katern mei in tiidbalke mei jiertallen.

☆ *'It sil bestean'* is de titel fan in blomlêzing út de fersen fan Obe Postma (1868-1963). It is in útjefte fan útjouwerij 'Frysk en Frij', dy't gearstald waard troch Abe de Vries. Hy skreau ek de ynlieding.



☆ De nije útjouwerij 'Venus' brocht yn desimber wer twa nije útjeften op 'e merk. Yn it foarste plak wie dat *'Famke yn Frjentsjer'*. Yn dat boek beskriuwt Hyke Sophia Kuperus it libben fan in famke yn in Frjentsjerter weeshûs. It ferhaal spilet him sa'n hûndert jier lyn ôf. De twadde útjefte is *'It echte kado stiet yn 'e sliepkeamer'*. It is in boek mei literêre spotprinten fan Geart Gratama.

☆ Willem Schoorstra ûntwikkelet him as in skriuwer fan ûnderskate sjenres. By útjouwerij 'Frysk en Frij' kaam de ôfrûne pear jier de fersebondel *'Ynwijing'* en de ferhalebondel *'Berjochten út Babel'* fan him út. Koartlyn ferskynde by deselde útjouwerij syn earste roman mei as titel *'Swarte ingels'*.

☆ De Fryske boekeklub KFFB brocht yn febrewaris de fiifde Fryske roman fan de Ljouwerter skriuwer Lieuwe Pietersen út. De titel fan de roman

---

is 'De flam'.



☆ Om't it krekt 75 jier lyn is dat Eije Wykstra fjouwer plysjemannen dea skeat, brocht de 'Friese Pers Boekerij' in omstaverere werprintinge út fan 'De hûn sil om jim bylje' fan Rink van der Velde. De roman kaam foar it earst yn 1978 út. It boek ferskynt yn de rige 'Klassiken fan Rink van der Velde'.

---

## STIKJES EN FERSKES FAN JOHANNES OEGEMA

'*Neisimmerfrucht*' is de titel fan in bondeltsje fan Johannes Oegema (1929) fan Sutfen. Dizze Fries om utens is altiten warber mei de pinne. Hy skriuwt net allinne foar kranten en tydskriften, mar no en dan jout er in bondeltsje mei eigen wurk út. It no ferskynde 70 siden tellende '*Neisimmerfrucht*' hat as ûndertitel: '*Stikjes en ferskes yn it boerefrysk*'. Yn syn foarwurd ferklearret er de term 'boerefrysk': "Mei boerefrysk tsjutte âlde beppe de Fryske taal oan."

Jan Jongsma

'*Neisimmerfrucht*' is ferskynd as nûmer 4 yn de 'Kantsjeroasrige', in rige mei it wurk fan Oegema. De rige sette útein yn 1992 mei de bondel '*Rypjende ieren*'. Nûmer 2 kaam yn 1999 út mei as titel '*Rypjende nûtsjes*', dêr't yn 2001 de twadde en yn 2002 de tredde printinge fan ferskynde. Nûmer 3 yn de rige is it yn 2000 útkommen '*Alde pake op de praatstoel*'.

'*Neisimmerfrucht*' befettet sawol fersen as koarte stikjes proaza, mar dy hawwe ien ding mienskiplik: se roppe bylden op fan Fryslân, gauris mei in nostalgysk tintsje. De bondel hat fjouwer skiften. It earste is 'Fryslân', mar dan yn in romme betsjutting: ús Fryslân oant en mei

East- en Noard-Fryslân yn Dútslân. Frjemd is dat lêste net, want de auteur hat al jierren dielnimmer west oan de jierlikse reizen fan selskip 'De Fryslannen' nei East- en Noard-Fryslân. It twadde skift is '*Ticht by hûs*', it tredde '*Natuer*' en it fjirde '*Faria*'.

De ynhâld fan '*Neisimmerfrucht*' is tige folksaardich en hat gjin literêre pretinsjes. Krekt as by eardere útjeften yn de 'Kantsjeroasrige' is de oplage fan '*Neisimmerfrucht*' beheind. Der binne 100 eksimplaren fan printe. It is in Ja-Jo produksje, in mienskiplik ûndernimmen fan Jaap Miedema ('Ja') út Ugchelen en auteur Johannes Oegema ('Jo'). Miedema die it setwurk en fersoarge de opmaak.

De reis nei Fryslân wie yn dy tiid in hiele wrâldreis. Wy wenen yn it westen fan Den Haach en hiene fansels gjin auto sa as no. Dus de famylje (heit, mem en twa famkes fan 4 en 9 jier) mei de bekende giele reiden koffers yn de tram nei it stasjon. Der wiene twa mooglikheden: oer lân (dat wie tinkt my djoerder) of de reis oer de Iselmar en dy stiet my it dúdlikst foar de geast. Earst de trein nei Amsterdam en dêr oerstappe op in boemel nei Enkhuzen. Dat duorre in hiel skoft, want wy stiene hiel faak stil om minsken yn en út te litten. Yn Enkhuzen nei de boat, dat wie fansels ek wat bysûnders. Ik leau dat myn suske en ik wolris seesiik wiene fan it gewibel op 'e weagen. De skippen leine net sa fêst yn it wetter as tsjintwurdich.

Finesses wit ik net mear, mar nei inkelde oeren stiene wy op 'e kade fan Starum. Ik sjoch foar my in hiele lange trein, dêr't alle minsken fan de boat mei koffers bylâns rûnen om in plakje te finen. Yn dy tiid hiene alle kûpees noch in eigen yngong en wiene net sa as no mei in paad meielkoar ferbûn. Nei't wy op ús plakje op houten banken sieten - leafst by it rût, dan koene wy moai it Fryske lân besjen - gong de trein op wei nei Ljouwert en ûndertusken wie it al lang middei.

Wy sieten fansels yn in stoomtrein en ik hear noch dat fluitsje út de skoarstien en dat tsjûke-tsjûke-tsjûk troch de lokomotyf by it oplûken en de piipjende remmen komme my ek wer yn de earen... En

wy mar útsjen oer de greiden mei de kij en de doarpen mei de typyske sealtektuorren, dêr't heit dan ús de nammen fan sei. Ik fûn it doe o sa nijsgjirrich.

Yn Ljouwert allegearre útstappe en ik sjoch noch ús heit mei de giele karabys foar ús út rinnen en mem mei ús der efteroan. Dat hat yndruk op myn suske makke, want se seit no altiten noch: "As lyts famke fan fiif/seis jier fûn ik it altyd sa ôfgrysliek knap fan heit, dat er sa krekt de wei wist tusken al dy minsken nei de perrons en de treinen."

En dan op wei nei it busstasjon. It koe wêze dat wy dêr in oere wachtsje moasten foar de bus nei Dokkum. Dy rit duorre doe in goed oere, want der kamen ek fytsen mei boppe-op de bus en dus moast de sjauffeur gauris útstappe om oer in fêst ljederke op it dak te klimmen om de karkes oan te rikken en oare der wer op te tillen.

As wy yn Dokkum oankamen, moasten wy wer oerstappe op in bus dy't - mien ik - om de twa oeren ried. Dus wer wachtsje... en dan wie it in kwestje fan sa'n tweintich minuten nei Nijtsjerk.

Foar beppe har hûs oer, op 'e hoeke fan de Nessumerwei, staptten wy dan út. Efter it finster seagen wy beppe al sitten. Se hie oeren nei ús útsjoen. Wy weauwen bliid nei elkoar. Nei in lange reis wiene wy dan einlings yn it noarden fan it fiere Fryslân en koe it útfanhûzjen begjinne.

*Oant de oare kear.*



Easternijtsjerk yn East-Dongeradiel is it doarp dêr't ús heit syn jonge jierren oant syn fyftjinde trochbrocht hat. Dêr kinne jimme oer lêze yn syn biografy 'Dêr't de woartels lizze' (1980), ferskynd by A.J. Osinga yn Boalsert. Hy fertelt dêryn it ien en oar, hoe't it dêr allegearre om en ta gong.

Us pake en beppe binne altyd yn Easternijtsjerk wenjen bleaun. Sadwaande kamen wy, Haachske famkes, der noch wolris útfanhûs en dat fûnen wy tige moai. Dan koene wy boartsje yn de timmerwinkel en touterje. De earste kearen wie ik dan benei mislik, mar dat wie gau wer oer. Myn suske makke dan mei in Nijtsjerks kammeraatske fan in waskrek en kleden in soartemint fan húskeamer en dêr fermakken se harren kostlik.

Us pake wie, wat jo tsjintwurdich neame soene timmerman/oannimmer. Hy hat ferskate huzen boud yn Nijtsjerk. Yn elts gefal wit ik wol, dat it hûs dêr't pake en beppe yn wennen, troch pake Jan en syn broer Wiltsje delset is. Dêrfandinne dy timmerwinkel, dêr't it altyd sa lekker rûkte nei hout! It wie in moaie romte, hast in hûs njonken in hûs, ûnderling ferbûn mei de bykeuken. Rûnom allegear rútsjes en dan seagen jo út oer de fjilden mei ierappels en nôt. En hiel yn 'e fierte koene jo de Waadseedyk sjen.

Wy koene oer de reed, dy't deun by it hûs lei, de lannen ynrinne en dat wie foar ús as stedsfamkes in aventoer. Soms wie ús heit mei en dan rûnen wy nei de 'feart' en makke

heit foar ús in 'skipke' fan in blêd fan it reid. Wat wy ek sa moai fûnen, wie it ploaitsjen fan de pûsters en dy kamen dan by beppe op 'e kast en thús yn Den Haach ek yn de faas.

Wat ik ek sa bysûnder fûn, wie as it reind hie. Dan stapte ik by beppe de efterdoar út de tún yn en dan rûkte it sa lekker. Hiel oars as by ús yn it westen! Dêr ha 'k in lyts ferske op makke:

*Ik rûk de geur fan wiete grûn  
en bin werom yn âlde tiid.*

*Ik sjoch de tún fan no yn 't rûn  
en fiel my dan wer o sa bliid.*

*Ik stean op 't hiem fan pake en beppe,  
in tel is dan ek sechstich jier.*

*Ik kin sa troch de tiid fuortsteppe  
en bin in bern fan alve jier!*

It wie fansels foar en yn it earste begjin fan de oarloch, dat wy yn de grutte fakânsje (de moanne augustus) in pear wike nei pake en beppe yn Nijtsjerk útfanhûs gongen en ek nei beppe en tante yn Ljouwert. De mem fan ús mem hat nei it ferstjerren fan pake Mook har húshâlden opbrutsen en har mei har suster te wenjen set yn 'Sonnenborgh' te Ljouwert.

---

De priis fan it bondeltsje is 8 euro. De útjefte kin besteld wurde troch dat bedrach plus 1,56 euro oan ferstjoerskosten oer te meitsjen op bankrekken 93.50.05.641 op namme fan Johannes Oegema, Lintelostrjitte 23, 7203 CS Sutfen.

## OP REDENS

*Eartiids, yn ús jonge jierren  
as it frear, dat it bakte,  
kamen de redens út it fet,  
fleagen wy fleurich oer de flakte.*

*Earst op sokken, letter op skuon,  
mei in apel of koarste tsiis.  
Under d' âlden wiene der guon  
dy seine: jim binn' lang net wiis.*

*De redens skerp, it iis wie hurd,  
fleagen wy, mei wyn yn 'e rêch,  
fielden ús sterk, wiene gau fuort,  
foar mannichien samar út 't each.*

Johannes Oegema

(Ut: 'Neisimmerfrucht, 2003)

---

## RELY-SKRIUWVEDSTRIID FOAR DE JONGEREIN

Dit jier bestiet de Rely Jorritsmapriis 50 jier. By gelegenheid fan dat feit wurdt foar learlingen fan skoallen fan fuortset ûnderwiis (jongerein fan 12 -18 jier) foar ien kear de Junior Rely organisearre.

De teksten moatte makke wurde nei oanlieding fan acht foto's, dy't troch in profesjonele fotograaf makke binne. De foto's mei oprop en opdracht binne te finen op it ynternet: [www.doar.nl](http://www.doar.nl) of [www.afuk.nl](http://www.afuk.nl). Der is in grut ferskaat oan bydragen mooglik: in koart ferhaal, in fers, in opstel, in sjongtekst, in sjoernalistike bydrage, in dialoach, in brief of in Loesje-eftige struitekst. It totale prizejild is 750 euro. De prizen wurde yn oktober útrikt, tagelyk mei de reguliere Relypriisútrikking. De bydragen moatte foar 1 maaie ynstjoerd wurde.

---

## DE TSJELK FAN DE HILLIGE LIUDGER

De 'Liudger-tsjelk', ien fan de âldste eugaristyske tsjelken fan it Jûntiidslân, is in beker fan koper, yn syn foarm fan in degelike ienfâld, wêrfan de ûnderdielen yn in goede ferhâlding ta inoar stean.

*Johannes Oegema*

Oer de licht nei binnen wulve, trachterfoarmige tsjelkfoet en de skean ôfrinnende mar krêftige knop fan hast elliptyske omtrek wulvet de glêde tsjelkskaal likernôch yn de foarm fan in heal aai mei de stompe aaikant. Hja is, fan de knop ôfrekkene, in bytsje nei foaren sprongen.

De tsjelk is hielendal fergulde, foar in part ek it rûge binnenste fan de kuppâ. Der binne fermoeuens, dat de rûge binnenkant deselde goudbewurking, sa't dy fan Tassilo-tsjelk bekend is, ûndergien hat.

Op grûn fan in yngeand ûndersyk nei de styl by de eu-

garistyske tsjelken yn de iere midsieuwen en op grûn fan de resultaten fan de brûkte lettertypen op de tsjelkynskripsjes is Prof. Victor H. Elbern fan oardiel, dat de saneamde 'Liudger-tsjelk' in wurkstik is út de twadde helte fan de njoggende ieu.

Lykwols moat út in goed gefoel foar de tradysje de 'Liudger-tsjelk' syn namme net yn 'e kiif steld wurde. Syn namme is sanksjonearre troch in ieuwenlange oerlevering fan de ryksabdijen fan Werden en Helmstedt.

De beide ynskripsjes yn de tsjelk binne yn 9 mm hege gelikense sierletters yn it koper gravearre en hawwe oarspronklik mei in swarte kleurstof opfuld west. Dy ynskripsjes sjogge der sa út:

*(oan de boppeste râne fan tsjelke kuppâ)*

✠ AGITVR HEC SVMMVS PER POCLA TRIVMPHVS

+ Troch dizze offerdrank krige de heechste triomf syn beslach.

*(oan de ûnderste râne fan de tsjelkfoet)*

✠ HIC CALIX SANGVINIS DNI NRI IHV XPI

+ Dit is de tsjelk fan it bloed fan ús Hear Jezus Kristus.

De tsjelk is nei alle gedachten makke yn Niedersachsen yn it fjirde fearnsieu fan de njoggende ieu. It materiaal bestiet út koper en ferguldsel. De hichte is 12,2 sintimeter. De trochsee fan de kuppâ is 7 sintimeter.

De tsjelk wurdt bewarre yn de skatkeamer oan de basilyk Sankt Ludgerus, Bruckstrasse 54, 45.239 Essen-Werden oan de Ruhr.

Communitas sancti Ludgeri, Essen-Werden.

---

yn de oersetting.

'De Tuinman en de Dood' hat sa foar en nei ferskate Friezen yn 'e

besnijning nommen en ta oersetten brocht, mei mear of minder sukses. En mines is dêr ien fan.

## *De Túnman en de Dea*

*Fljocht fan 'e moarn myn túnman, bleek as brij,  
deryn en beart: Hear, Hear, harkje nei my.*

*Dêr, yn 'e roazehôf, brûk ik de lea,  
al snoeiend sjoch ik om: dêr stiet de Dea.*

*'k Waard o sa kjel, skeat fuort sa hurd as 'k koe,  
mar 'k seach noch hoe't syn hân my gripe soe.*

*Foar diskear, Hear, wol my jo hynder jaan,  
as 't meisit, bin ik jûn yn Ispahan!*

\*\*\*

*Neimiddei, wylst hy jage nei de stêd,  
kaam ik yn 't sederpark de Dea oer 't mêd.*

*Myn freon, ferwiet ik him, hast fan 'e moarn  
myn túnfeint drige en dat witsto skoan.*

*Fan driigjen, glimke er, hie ik gjin ferlet,  
ik wie ferstuivre, dat ferswij 'k jo net:*

*Hoe koe no, hjir alhiel, syn wurk noch dwaan  
dy't jûn ik helje moat yn Ispahan!*

*P.N. van Eijk*

*(Fryske oersetting: Marten Sikkema)*

---

op en dêrom binne wy op help út. Geane wy al kopke-ûnder, dan witte kranten RTF teminsten fan it hoe en het.”

Klear as de sinne, Menaam libbet, libbet as in hert. De gemeente is wol gauris yn it nijs. It riedshûs is ta in ferdivedaasjesintrum wurden foar eigen en fakânsjefolk, ta in stryk yn 't laadsje. By de fer-

kiezings yn 2006 meie wy wol alle gearre komeedzjespylders op 'e kandidatelisten hawwe, dy't it spul fakkundich spylje kinne. Wie it skeel mar twa jier letter kommen, dan soe it de kiezer by de stimbus yn maart 2006 noch wol heuge. Ien treast lykwols: de kâns op twa jier fan frede - mei de wapens yn 'e greep, dat wol is ferhipte lyts.<sup>1</sup>

Bitgummole, 4 jannewaris 2004.

---

## OERSETTEN UT IT HOLLANSK - BETTER FAN NET?

*It spilet yn it begjin fan de sechtiger jierren fan de foargeande ieu. Ik hie - by útsûndering - ris in oersetting makke fan in fers út it Hollânsk: 'De Tuinman en de Dood' fan de wiisgearige dichter P.N. van Eijk (1887-1954). Dy oersetting - mei in inkelde feroaring - giet hjirby.*

Marten Sikkema

Ik stjoerde myn wurkstik nei de redaksje fan De Tsjerne, dêr't Douwe Tamminga doe de einredaksje fan hie. Mei kearende post krige ik it werom: de redaksje hie besletten gjin oersettings út it Hollânsk mear op te nimmen.

In skoft letter trof ik de einredakteur ris yn Ljouwert en frege him om útlis. It andert wie, dat sa'n oersetting gjin doel hie: elke Fries mei niget koe sa'n fers ommers yn it origineel lêze, mei de wissichheid dat dy tekst suverder wêze soe as de oersetting!

Ik brocht dêr tsjinyn, dat de oersetting, benammen fan in epyske tekst lykas dizze, wol hast like krekt wêze koe as it origineel. Mar Tam-

minga achte sa'n oersetting alhiel oerstallich.

Hy wie fan betinken, dat soks wol oars lei mei bygelyks in Hollânsk toanielstik, dat moast fansels mei Fryske spylders foar in Frysk publyk wol yn it Frysk brocht wurde...

Wêrom set immen in fers út in frjemde taal oer? It fers hat him grypt, hy wol it feroeverje, him alhiel eigen meitsje, hy set it dus oer foar himsels; en it is meiens in soarte fan 'neilskerpjen', dus ek foar himsels. Yn safier hat Tamminga dus gelyk.

Mar miskien wol de oersetter de lêzer dochs yn de eigen taal yn 'e kunde bringe mei syn 'ûntdekking', mei de kâns dat dy it origineel opsneupt en dan yndie teloarsteld wurdt

---

<sup>1</sup>Literatuer: Bûten de oanhelle krantestikjes it ferslach fan de ekstra gearkomste fan de riedskommisje, moandei 22 septimber 2003.

---

Sa't it wetter him mei de wyn | van Kristus, dy't ús minsklike natoer  
mingt ta in hillich teken, lit ek sa | oannommen hat.  
dizze tsjelk diel ha oan de Godheid

*Priizge sij Jo,  
Hear, ús God, Skepper fan 'e wrâld.  
Jo jouwe ús de wyn,  
de frucht fan de wynstôk  
en fan minskewurk.*

*Wy bringe dizze tsjelk  
foar Jins antlit,  
dat hy ús de tsjelk  
fan it heil wurdt.*

*(Oersetten út de Dútske taal.)*

## *Wysheden of gewoan moai sein (4)*

- ♥ Lofkastielen freegje in bulte ûnderhâld.
- ♥ "Helder by nacht," sei Bauke en hy wite de bedsteden.
- ♥ Oan 'e gruttens leit it net, oars koe in ko wol in hazze fange.
- ♥ Hie de natuer safolle wetten as it ryk, dan wie 't net op 'e wrâld te ferkearen.
- ♥ "Ik sjoch op gjin hûndert gûne," sei de man en hy seach yn 'e lege jildkiste.
- ♥ Der is romte yn 'e wrâld om elkoar mis te rinnen.
- ♥ "Ik sjoch it kwea oer de holle," sei Klaas en hy troude mei in lyts wyfke.
- ♥ As de dieden sprekke, binne de wurden oerstallich.
- ♥ "Ik sit leaver ûnder in ko," sei de boer, "as ûnder de notaris."
- ♥ Under in steand seil is it maklik kloetsjen.

---

## MIS YN MENAAM

*Menameradiel hat ferline jier 63 ynwenners ferspille, en dat troch eigen skuld. It wie wer allegearre spul yn it gemeentehûs, dêr't de coalition forces fan GBM, CDA en PvdA en de opposysje fan FNP, VVD en GL foarinoar oer stiene, de fûsten oprôle. Dy't yn de riedseale alle sizzenskip hiene, holden geregeldwei rie mei de oan har besibbe wethâlders en dat net allinnich yn de herberge, mar ek yn de hoannebalken fan it riedshûs. No hie de minderheid in ferslach fan sa'n heimich en temûk gearkloftsjen yn 'e hannen krigen en sadwaande begrepen, dat de wethâlders ien en oar ferteld hiene, dat se oan de opposysje net kwyt wollen hiene, ek net doe't de FNP-oanfieder der nei fernaam.*

B.J. Postma

De minderheid, dy't yn rieds- en kommisjegearkomste dochs al gjin poat oan 'e grûn krige, fielde him mei dêrtroch twadderangs folksferstjintwurdiging. Hy koe gjin kant mear út en syn opposysjerolle koed er net mear spylje. De boargemaster lykwols achte it oerlis fan kolleezjefraksjes en wethâlders gjin reden foar ûntefredenens fan de minderheid. "Leau my no mar, soks komt yn alle gemeenten foar. Ik sit al 25 jier yn de polityk."

GL: "As dat al sa is, dan kiest sy yn in betiid stadium dúdlik partij foar de koalysje. It argumint fan iderien docht it, dus is it goed, is net in argumint dat jo fan de boargemaster ferwachtsje meie."

De krante wie lyksa min oer de riedsfoarsitter te sprekken. "Ynstee dat hja opkomt foar de demokratyske belangen fan de boargers fan har gemeente, hâldt se har op in ôfstân." (Lj. Kr. 24-9-2003, side 7)

De mearheid miende, dat de oaren net op in earlike manear oan it ferslach kommen wiene. Dêr soe

syn toanielskriuwer ris in kasstikje fan meitsje. Dat waard op 22 septimber as in ekstra kommisjegearkomste yn de riedseale spile. It gie it kolleezjetrouwe kamp fansels likefolle om syn eigen gelyk as om de minderheid syn ûngelyk. De kommisjelden spilen harsels treflik, it Tryaterfolk hie it net better kinnen.

It ferslach dêr't it om te rêden wie, wie mei de namme op 'e slúf yn it PvdA-postfek yn it riedshûs dellein. "Hoe hie de FNP'er it dan krigen? Hoe hied er it yn 'e harsens krigen om dy slúf iepen te meitsjen ynstee fan dy teplak te bringen? Waard it brievegeheim net skeind?" (GBM)

"As dat ferslach boppedat brêkt wurdt om oaren ûnderstek te dwaan, dan wit it wetboek fan strafrecht dêr wol in wize op." (PvdA)

De Tommy Franks fan de coalition forces fielde him persoanlik rekke. Mar syn triennen wiene bargetriennen en syn wierheid wie de wierheid net. It wie net oars as komeedzje en poppekast.

Sûnder bewiis stiet wol fêst, dat it oarsom - i.e. de mearheid fynt in heimich ferslach fan de minderheid - krekt sa gien wêze soe: de

mearheid bestiet út politisy en dat binne útsoarte de bêsten net. Dêr is genôch literatuer oer. "Politisy kinne net oars as lige, politisy moatte earliker oer harren ligen wêze." (Fr. Db. 19-5-2003, side 1)

Ien fan de twadde soarte, sa't leden fan de minderheid har behannele achten, hie de slûf iepenmakke. It stie lykwols net fêst, dat it deselde slûf wie as de oarspronklike mei de namme fan in PvdA-riedslid der op. De GBM-frage, "waard it brievegeheim net skeind?", wie sadwaande neat oars as stokeljen tsjin de FNP. De GBM woe de 'totale Krieg' oangean, sa like it teminsten wol en dêr wie de oanfal de bêste ferdigening yn. It wie dus oarloch, mar yn dy oarloch wie it hiel fansels, dat it ferslach út it slûfke útbrocht waard.

Wie it wier-wier oarloch? By de ferkiezings fan maart 2002 krige GL in riedslid en dat, foar it neiste, op kosten fan de PvdA. It sette fansels kwea bloed en no koe moai wat âldsear op 'e Grienen útwierre wurde: GL krige de folle laach. De FNP, op wat in oare grûnslach as de oare partijen, wûn in sit fan it CDA, dat sadwaande ek ien en oar mei de opposysje te fereffenjen hie. Oan de oare kant fielden "de winders fan de ferkiezings FNP en de VVD ek har tenei kommen, doe't Gemeentebelangen en CDA mei de PvdA, de grutste ferliezer, ynsylden." (LJ. Kr. 24-9-2003, side 7)

De hiele gemeente moast en soe it witte, "schade aan de gemeente, partijen en personen", "de hele gemeente Menaldumadeel is schade berokkend." Fjirtjin kear rôpen de haadlingen fan GBM, CDA en PvdA it. Se seine mar wat. It binne

net de folksfertsjintwurdigers dy't de gemeente bestjoere en dat is ek mar goed. Hoe't se ek tsiere en kreauwe, it makket nul en neat út. Wolwêzen en woltier bliuwe gelyk en minsken wurde der oars noch oars fan.

Der wie ek wat hinne-en-wer skriuwerij, hinne fan de trije lytskes oan de boargemaster en wer fan dy yn it Hollânsk. Kommissaris, VNG, LC, FD, RTF en radio Eenhoorn kringen der printen fan. Alle man en wrâld mocht wol witte fan it nivo dêr't de hearskjende macht it politike spul op spile. De GBM hie de smoar yn. "Wêrom gjin kontakt mei ús, mar wol mei de kranten", "wêrom printen fan de brieven nei de Kommissaris", "alwer yn 'e kranten!" "wêrom fannijs in print nei de VNG?"

De GBM woe en soe de fijanen skramje en op 'e teannen wâdzje: "Kollega's fan FNP, VVD en GrienLofts, kinne jim jim yntinke dat wy ús ôffreegje, oft jim - alles neigeande - noch wol de bêste minsken binne om hjir yn dizze seale as folksfertsjintwurdigers te sitten?"

De boargemaster siet de gearkomste foar, mar liet it gewurde ynstee dat se de GBM-man teplak sette.

De PvdA hie it deroer, dat de riedseale it iennichste stee wie dêr't yn it iepenbier oer sokke dúdlike misstannen praat wurde koe. It andert hie ienfâldich wêze kinnen: "As it eartiids op it skoalplein op fjochtsjen út like te draaien, drige de swakste mei syn grutte broer, dy soe wol mei de tsjinpartij ôfweevje. En hjirre yn de riedseale litte wy ús net op 'e kop skite, mar wy rêde it mei ús trijen net